

Oprjochting fan “de Sékrite”, Fryske Krite fan Lelystêd en omjouwing op 25 novimber 1971

It idee om in Fryske Krite yn’e nije polder op te rjochtsjen, ûntstie yn oktober 1971. De earste ynwenners fan Lelystêd wiene hiel tafallich Friezen, de fam. Sytsma. Doe’t efkes letter de fam. Schiere yn Lelystêd kaam te wenjen (dy’t al lid wiene fan de fryske krite yn Kampen), waarden hja it al gauwêftich iens, dat der yn Lelystêd ek in krite komme moast. Mei noch in pear oare friezen binne hja doe begûn om by de doarren lâns te gean, om mear minsken der waarm foar te krijen. Inkele fan dizze minsken wurken op it gemeentehûs en wiene sadwaande yn’e gelegenheid, om de listen mei nije ynwenners troch te sjen. As dêr dan in namme by wie, wêr’t hja út opmeitsje koene dat it in Fries wie, dan gyngen hja dêr op ôf. Jûnen en jûnen binne hja sa op paad wêst.

Om’t Lelystêd in nije stêd wie, kaam it gau’ris foar, dat hja mei trije minsken foar de selde doar stiene. Ien foar de Fryske krite, ien foar de bank (meastal mei in blomke, dy hiene it measte jild) en ien fan de begraffenisferiening. Alles moast hjir doe noch fan’e grûn komme. Ek de agint fan de Ljouwerter krante en it Frysk Deiblêd en de man fan de SRV-wein hawwe hiel wat nije leden oanbrocht. Op 25 novimber wie dan de oprjochtingsgearkomste yn “de Meerkoet”, it earste restaurant yn Lelystêd. Der wiene doe 34 minsken en de 1^{ste} foarsitter waard Hindrik Schiere. It duorre mar efkes, doe wienen der al 112 leden, werfan 12 wol toanielspylje woene en 22 woe-ne wol meidwaan oan in skotsploech. De earste toanieljûn wie op freed 28 jannewaris 1972 yn’e Meerkoet. De toanielploech út Aldeboarn wie dêr mei it stik “De bekroande earsteling”. De krite hie doe 190 leden, werfan 140 op dy jûn oanwêzich wienen. De muzyk waard fersoarge troch in soan fan Sytsma, mei in bânrykorder. Ek doe wie der al in ferlotting (5 lotten foar Hfl. 1,=). Yn dy tiid wie der ek faak in ferslachjouwer fan de krante, mei in fotograaf.

Op 23 febrewaris 1973 spile ús eigen toanielploech foar it earst, it stik “Taaie Teie”. Op 12 maart 1974 koe it 300^{ste} lid ynskreaun wurde. De leden kamen eartiids net allinne út de Flevopolder, mar ek út Urk en Elburg. It grutste oantal leden fan ús krite hat 370 west (29 novimber 1975). Wat in ferskil by no, noch mar 80 leden. Op kritejûnen waarden dan de tafels út de seal wei helle, oars koene de minsken der net yn. It sjongkoar waard oprjochte op 8 febrewaris 1976 en de skotsploech op 25 febrewaris.

Spitigernôch is de skotsploech al wer opdûkt en ek ús toanielploech hie in tekoart oan spylders. Yn 1976 waard troch eigen leden in kabaret opfierd en yn letter jierren noch 3 kear. Wy hoopje dat wy dit oantal leden fan no hâlde kinne en dat it sjongkoar bestean bliuwe kin.

Binne jo noch gjin lid fan ús krite, sjoch dan op ús weblog

<http://www.fryskbutenfryslan.frl>

Dêr kinne jo jo opjaan troch it kontakformulier yn te foljen!!

Meidielingelêd fan de Sékrite



**Fryske Krite
Flevolân
út Lelystêd**

**Oprjochte 25 novimber 1971
Lid fan It Keninklik Frysk Boun om Utens.**

**Jiergong 39
Nûmer 5, April 2025**

Rekkennûmer NL 84 RABO 0348 113 889
RABO-bank Lelystêd
Ynskriuwing K.v.K. nûmer 40059396

MINSKEN,
wêz dochts tûk
kom nei Valentijn
foar in presintsje
of opsmûk



KUNSTNIJVERHEID
Waagpassage 126,
8232 DW Lelystad.

THEATER POSA

**It festjebûsteäter yn
Lelystêd foar keunst-
leafhawwers! It moe-
tingsplak foar jong en
âld, in briedplak foar
alle kulturele ynstel-
lingen fan Lelystêd en
omkriten.**

**Kempenaar 01-10,
8242 BA Lelystad.**

Foar nije en healsliten boeken



kin Jo altyd terjochte by:

Luit en Johanna Dijk

0320 - 412444

luit.dijk@kpnmail.nl

Schoen- & Sleutelservice

T. Boonstra
Weversstraat 24,
8223 AC Lelystad
Tel.: 0320-222288



**Als uw banden
versleten zijn,
gooit u uw auto toch
ook niet weg !?**



VAN LIER
SINCE 1815

Voor meer informatie over vakkundige
reparatie van uw kwaliteitsschoenen, kijk op

WWW.SCHOENMAKERSGILDE.NL

It Keninklik Frysk Boun om Utens

AG en M- en Y-dei 28 maart 2026.

Sneon 28 maart 2026 binne jimme allegearre wol-
kom op de **Algemiene Gearkomste** en de **Moe-
tings - en Ynspiraasjemidde** fan it Keninklik Frysk
Boun om Utens. Dizze silde holden wurde by de
krite 'Fier fan Hûs' fan Apeldoarn.



Sjoch de foto's fan de AG en MYM 2025 op de webside fan it Boun:
https://www.fryskbutenfryslan.frl/ag_lyts_amblyd.htm

pleatsen dy't net mear foar dat doel brûkt wurde dêr't se foar makke binne. Al
dy bedriuwen binne stadichoan weiwurden en elkenien fûn it spitich. Wat wie
it altyd wer spannend as we mei it sparpotsje nei de boerelienbank fan Sipke
Hemkes gienen. Dêr waard it sparpotsje iepene en lege op it grutte brune
buro. Hemkes telde dan it jild – dat foar in grut part út sinten bestie – en
skreau dat op yn it sparbankboekje. Foar de âlderein binne der allinne noch de
tinzin en foar de jongerein is it sa gewoan. Hja sille oan de skouders lûke en
harren dêr net drok om meitsje.

Jan Ebbes is ek al ris nei foaren kaam yn 'e doarpskrante. Wat my oanbelanget
mei dizze man wol earne mei eare wurde. Sa't men dat ek wol dwaan kin mei
Hiske, LDO en Goaitsen Burgy. Want sy ha Terwispel wol op de kaart setten.
Hiske, yn sosjale kringen yn hiel Fryslân bekend. LDO om't dy feriening troch
syn prestaasjes bekend wurden is yn it hiele lân – en letter oan de Gordyk
ferkocht is – en Goaitsen Burgy: skriuwer fan boeken, ferhalen en moaie ge-
dichten. Hy is krekt as my op syn 22ste jier út Terwispel weigien, mar yn syn
boeken en ferhalen hat hy Terwispel nea ferjitten. Ik wol dan ek ôfslute mei de
lêste twa regels fan it lytse, mar o sa sprekken, gedichtsje fan Roorda.

Dêr't heit foar ús it brea fertsjinne,

Dêr lûkt myn herte faken hinne!

Hindrik Liemburg

om nei it doarp dêr't ik grut wurden bin. It soe bêst ris te meitsjen ha kinne mei de leeftyd, mar ek kin it wêze dat jo wat mear tiid krije om te tinken. Ik leau net dat ik de ienichste dêryn bin.

Hjoed-de-dei bin ik dwaande om te efterheljen wêr't ús heit en mem oan de Mouwewei wenne ha. Ik wit wêr it likernôch stien hat, mar ik woe der wol wat mear oer witte. We moatte werom gean nei 1935 doe't hja wennen oan de wyk dy't tusken Venema en Kerkstra lei. Us Alt, dy der ek yn dat jier wenne hat as jonkje fan twa jier, kin it him net yn 't sin sjitte, wylst hy der letter noch wolris mei ús heit west hat. Ik ha sels al de âld-Terwispelers Hans de Vries en Gosse van der Plaats deryn belutsen. Sels ha ik al in petear hân mei Alie Bron, om't de Bron famylje der ek wenne hat.

In jier of wat lyn ha ik der mei Metten Venema oer praat en mei him ôfsprutsen dat ik wolris lâns komme soe. Ik moat skamsum tajaan dat ik dêryn te let bin. Sa bin ik yn in soad dingen te let. Ik leau grif dat ik dêryn ek net de ienichste bin. Ik hie ús heit doedestiids wol freegje kinnen hoe dat pleatske der útseach. Hoefolle fee as hja doe hienen en al dy dingen mear. Ek dêryn bin ik al mear as tweintich jier te let. In soad dingen steane jo net by stil en ferdwine sa stadichoan fan de wrâld. Dêrom bin ik o sa bliid dat ik noch in hiel soad minsken en dingen meimakke ha. En der is yn dy 41 jier dat wy út Terwispel fuort binne hiel wat feroare. Mar ek de 20 jier dêr foarôf.

Ik fyn it dan ek moai dat ik Damslûs noch hiel bewust meimakke ha en de Klidze en de âld Griene Dyk. Ik ha ek noch trije jier op de âld legere skoalle les hân. Ek haw ik gymnastykjen hân fan master Zijlstra, by Kees Meierhof op it toaniel. Hoefolle minsken kinne no noch sizze dat se de winkels fan Schippers, Wielinga, Bethlehem en Yge de Spa meimakke ha. It molkfabryk mei de molkriders, de Brun/Luts draai, swarte brânannel Knol, de molkkarre fan Zwier, letter Henkie Jonkman, en de bakkerijen fan Postma, Vlietstra, Veenstra en Stelwagen. It Klidzerjocht en de Wide Wispel. De slachterij fan Pool, kapper Ebbes, de weinmakker en klompmakker Leffering, de beide smidten Lutzen en Germ de Vos, it kafee fan Froukje fan Hiske. De brêgewipper Anne de Boer mei syn tabakswinkeltsje is der net mear, krektlyk as de grientewinkel fan lebele de Leeuw. Ek de moalkeapmannen Zwier en Bijstra, de winkel fan Evert Bron en it timmerbedriuw fan Jan Bosma binne yn de rin fan tiid opholden. Ik sil fêst guon ferjitten ha, en dan prate we noch net iens oer it tal

Ynhâld Meidielingelblêd:	side
# Foaropwurd fan de foarsitter	2
# Kritegearkomsten winterskoft 2025-2026 en Krittenijs	4
# Ferslach en foto's fan it optreden fan Pro Rege op 11 april ..	5
# Lâns de grins kuierje	7
# De Koaibosk	11
# Gedicht 'Gau hinne en wer'	12
# Ut de Boekehoeke	13
# Ut de Itensiderij	14
# 't Alde doarp	15
# Nijs fan It Keninklik Frysk Boun om Utens	17

De kopij foar it nije krantsje graach ynleverje foar 1 septimber 2025.

Kolofon

Gearstalling fan it bestjoer fan ús Krite en oare saken:

Foarsitter: *Jan Bijkerk*, e-mail: sekrite@janbijkerk.nl

Ponghâlder: *Jan Koopman*, e-mail: jan@zwanenwater.nl

Skriuwer: *Luit Dijk*, e-mail: luit.dijk@kpnmail.nl

Lid: *Yvonne Nederpel*, e-mail: ycm.nederpel@gmail.com

Lid: *Annie Noppers*, e-mail: annie_evenhuis@hotmail.com

Lid: *Jantsje Meijer*, e-mail: jantsje-meijer@live.nl

Koar: *Wytske Fransen*, e-mail: [wytsfra@gmail.com](mailto:wyttsfra@gmail.com)

Kosten: It lidmaatskip is €25,- yn't jier / stipers € 17,50 yn't jier. Opsizze fan it lidmaatskip moat foar 1 septimber, foarôfgeand oan it winterskoft, by skriuwer Luit Dijk.

Beteljen lidmaatskipsjild. It lidmaatskipsjild moat foar 1 septimber foarôfgeand oan it winterskoft betelle wurde. Ek kin der foar keazen wurde om yn 2 terminen te beteljen en wol foar 1 septimber de helte en foar 1 febrewaris dêrnei de oare helte. Nei de folleine betelling wurdt it bewiis fan lidmaatskip útrikt.

De redaksje en opsmûk fan it boekje: *Jan en Sjoerdsje Bijkerk*.

Eareleden fan de krite: *Albert Postma en Gerrit Kingma*.

FAN DE FOARSITTER.

Bêste kriteleden,

Dit is al wer it lêste kriteboekje fan dit winterskoft. Fernuverje jo je deroer dat der al wer in winterskoft foarby is? No, ik wol, it is noch mar krekt lyn dat wy de jiergearkomste hienen. Ha jo ek it gefoel dat de tiid hieltyd hurder giet?



Dêr binne ferskate ferklearringen foar. Neigeraden dat wy âlder wurde, lykje de jierren hieltyd flugger foarby te fleanen. Sa om ús fjirtichste hinne begjinne wy dat te ûnderfinen. Frjemdernôch giet it net om alle tiidsienheden. De oeren of dagen kinne just langer lykje. Benammen de jierren en desennia geane hieltyd hurder foarby. Hoe kin dat? Dêr binne in soad ferklearringen foar te betinken. Om dat út te lizzen, moatte jo jo betinke dat jo ûnthâld beynfloedet hoe't jo de tiid ûnderfinen. Jo sjogge werom op in beskaat barren en konkludearje dêrút hoelang't at likernôch liket te duorjen. Wat mear der bart, wat mear nije oantinkens oft men oanmakket en wat langer oft dy perioade liket te duorjen.

Tink bygelyks oan it ferskil tusken de hinne - en weromwei as jo op reis binne. Op de hinnereis meitsje jo mear nije oantinkens oan. Dan binne jo noch fit en antispearje jo op wat der komme sil. Op'e weromreis meitsje jo minder nije oantinkens oan en makket alles faaks net folle yndruk. De hinnereis liket dêrtroch faaks langer te duorjen as de weromreis. Om deselde reden fielt in fakânsje faaks folle langer oan as de werklike lingte. Men makket ommers mear nije oantinkens oan as by (gewoane) wurkdagen. Perioaden dy't in soad yndruk meitsje, kinne ek in rem sette op'e persepsje fan tiidsfersnelling. Ichtskiedings bygelyks lykje faak in ivichheid te duorjen.

Fan jo fjirtichste ôf meitsje jo minder nije oantinkens oan. In earste ferklearring foar dy hieltyd hurder tikkende klok is dat om ús fjirtichste jierdei hinne it ûnthâld efterút begjint te gean. Wy nimme minder op út de omjouwing en ûnthâlde minder fan bygelyks de boeken dy't wy lêze en de petearen dy't wy

* 100 ml kâlde, sterke espressokofje

* fask raspte (biologyske) limoenskiel

Tarieding:

Set goeie sterke espressokofje

Doch de bastertsûker mei de slachrjemme yn in kom en klopje dat stiif.

Skyl de avokado, purear it fruchtfleis en ming it troch de slachrjemme.

Doch it avokadomingsel yn in glês, jit der wat fan de kofje by en bestrui it mei limoenrasp.

Jo kinne it ek op in boardsje of yn in skaaltsje dwaan mei in bolstje rjemme-/as fanylje-iis derby.

Yt lekker!

Yvonne Nederpel

't Alde doarp.

It doarpke dêr't ik hikke bin en tein,

En fan myn mem yn 'e widze lein,

Dit binne de earste twa rigels fan in gedicht fan Reinder Sierks Roorda út Britsum dy't libbe fan 1894 oant 1965.

Op myn twaentweintichste jier yn 1970 haw ik Terwispele efterlitten en bin mei Geartsje nei de klaai ferhuze. Doe't wy op'e klaai kamen, wie al gau ús gedachte fan: Hjir sille wy it wol net salang úthâlde. Mar jo komme wat yn it ferieningslibben, der komme bern en dy bern geane nei skoalle ta en foar't jo it witte dan sitte jo te plak. Mar myn tinzen geane tsjintwurdich wol gauris wer-



Foar syn twadde roman 'Naachs goelen de honnen' krige Veenstra yn 1984 de H.J. Bergveld-priis. Syn lêste autobiografyske roman is ek yn it Frysk oerset. Johan Veenstra sjongt ek guon fan syn teksten. Mei-inoar mei Jan Brens skreau hy de Stellingwarf Cantate.



Yn 2001 waard Veenstra beneamd oant Ridder yn de Oarder fan Oranje-Nassau. Hy krige de Deiblêd fan it Noarden Streektaalpriis yn de kategory Proaza & Poëzy oer 2009 foar syn boek 'Et geheim fan de wiend'. Yn 2015 wûn hy de priis op 'e nij no foar syn roman 'In frou fan ivoor'. Veenstra wûn yn 2020 de Rink fan de Velde Priis foar syn roman 'Vreuger is foargoed veurbij'. Yn 2021 waard Johan Veenstra beneamd as eareboarger fan Weststellingwerf.

'Et geheim van de wiend'.

It boek is skreaun yn it Stellingwarfs en is in boek om yn ien sucht út te lêzen.

Luit Dijk

UT DE ITENSIDERIJ.

In hearlik en tige maklik neigesetsje fan avokado-rjemme mei espressokoffie

Dizze kear ha ik mar wer ris ien fan myn lekkerste nije-setsjes útkeazen.

Yngrediïnten foar 4 persoanen:

- * 125 ml slachrjemme
- * 5 ytleppels wite bastertsûker
- * 2 goed ripe avokado's
- * 2 a 2,5 ytleppels limoensop



hawwe. In twadde ferklearring is dat wy op dy leeftiid ek echt minder nije dingen meimeitsje. Brulloften, resepsjes, gearkomsten, moetingen: we meitsje se foar de safolste kear mei. 'Earste kearen' binne seldsum. Us harsens reagearje ek minder sterk op dingen dy't wy foar de safolste kear sjogge. Dit proses hjit neurale adaptaasje en soarget derfoar dat wy minder ynformaasje opslaan en dus minder nije oantinkens oanmeitsje.

Sa as jimme yn dit krantsje sjen kinne, hawwe wy de nije datums foar it kommende winterskoft wer fêstlein. Wy begjinne op 11 oktober mei de jiergearkomste. Wêr, dat is op dit stuit noch net bekend. Wy binne dwaande om yn pleats fan de Krakeling in oare seal te hieren. De lêste kear yn de Krakeling wienen wy as bestjoer net sa tefreden oer de betsjinning, fandêr. Mar dat kinne jimme nei de simmer yn it earste boekje fan septimber wol lêze.

Wy winskje jimme allegearre in tige moaie simmer ta en wy hoopje jimme fansels yn sûnens wer yn it nije winterskoft te begroetsjen.

Oant dan!! Jimme kritefoarsitter, Jan Bijkerk.

Ik fiel my altyd lokkich as de maitiid komt

*Ik fiel my altyd lokkich as de maitiid komt,
As alles om ús hinne oan 'e kjeld ûntkomt
en wer op 'e nij ta ljocht en libben komt.
Ja, ik moat der út, 'k hâld it thús net út,
't foarjier brûzet my troch 't bloed.
Yn it iepen fjild, dat fan libben tilt,
dêr fiel ik my earst wer goed!*

*It foarjier bringt wer sûnens en wer libbensnocht;
it deadske fan de winter wurdt ta libben brocht
en it tsjuster wykt foar 't nije maitidsljocht.
't Is no bûten feest; alle blom' en beest
wurket fleurich dêroan mei.
't Sintsje glimket blier, en fol wille en tier
sjonge wy de fûgels nei.*

*Ja, sjoch hoe't alle blommen har ûntjouwe
en hoe't de fûgels drok wer striekes sjouwe,
dat jout ús allegearre it fertrouwen:
no is de winternacht foargoed ferdreaun.*

Atze Bosch.

KRITEGEARKOMSTEN WINTERSKOF 2025-2026

SET DE GEARKOMSTEN ALFEST YN JIMME BUSBOEKJE!

DATUM	WAT KOMT DER?
10 oktober 2025	Jiergearkomste en
15 novimber 2025	Toaniel, kabaret, muzyk
20 desimber 2025	Krystmiddei fan it sjongkoar
10 jannewaris 2026	Nijjierbesite troch it lendeisbestjoer
7 febrewaris 2026	50-jierrich jubileum fan it sjongkoar
14 maart 2026	Toaniel, kabaret, muzyk
18 april 2026	Toaniel, kabaret, muzyk

KRITENIJS.

- As jimme heard ha fan leden dy't siik binne, as oare saken dy't fan belang binne, graach efkes in berjochtsje fia e-mail nei:
annie_evenhuis@hotmail.com , dan kin it bestjoer der oandacht oan jaan.
- As der leden binne dy't oar kritenij hawwe of wat yn it kritekrantsje sette wolle, graach efkes stjoere nei sekrite@janbijkerk.nl . Yn't foar tige tank.

By bestjoer bekende troudatums van ús leden:

- ♦ Famylje Swart, op **29 april 55 jier** troude
- ♦ Gerrit en Tjitske Kingma, op **21 maaie 50 jier** troude.
- ♦ Famylje Stienstra, op **30 oktober 55 jier** troude
- ♦ Johannes en Wytske Fransen, op **19 novimber 55 jier** troude.



Wy meie de adressen fan de pearen dy't harren troudei fiere, net yn it boekje sette, mar as jimme de jubilearende pearen in kaartsje stjoere wolle, as wat oars , dan kinne jimme it adres freegje by Annie Noppers - sjoch side 1.

UT DE BOEKEHOEKE.



Op de lêste kritejûn wie der gjin boekferkeap, want jimme boekeferkeaper siet op Majorka. Ik kin my yntinke, mei de simmer foar de doar, dat der dochs noch ferlet is oan de oanskaf fan ien of meardere boeken. Wa wol, kin by my lâns komme, graach wol efkes fan te foaren skilje, sadat ik de boeken klear sette kin. It adres en telefoannûmer stean yn ús krantsje.

Riek Landman

Drachten, fan 2 febrewaris 1934 en is hikke en tein yn Drachten. Gie dêrnei nei it lyseum en de rykskweekskoalle. Op har tweintichste kaam se as ûnderwizeres te wurkjen op De Gordyk, De Haach en Ljouwert. Nei in stúdzje Nederlânsk wurke se oan de Ryksskoallemienskip yn Snits.

Toaniel en kabaret

Op de weekskoalle die se al mei oan foardrachtwedstriden, letter siet sy yn it De Spinnepkop-kabaret fan Roel Oostra en it Selskip Tetman de Vries. Se wie ek ien fan de oprjochters en spilers fan toanielselskip Tryater. Se skreau ek in tal toanielstikken.

'De tiid fan Jentsje' (Roman)

Saterdeimidei. Jentsje is klear mei har wurk, it waarm iten wie maklik dizze middei en it skûtelwaskjen mar in klap foar it gat. Se knopet it nije bontsjie stief ûnder de kin yn in moaie strûs en slacht in doek om it skouder om't knap waar is. It is net nedich in mantel oan te dwaan.

Jentsje Brouwer groeit op yn in ienfâldige húshâlding oan de ein fan de 19e iuw op 'e Súderheide. As se trettjin jier âld is, wurdt se faam by de dames Reiding yn Drachten. Dat wurdt it begjin fan in dramatyske tiid yn har libben.

Johan Veenstra

(Nijeholtpade, 6 jannewaris 1946) is dichter, skriuwer en makket ferskes. Hy wurdt as ien fan de wichtichste hjoeddeiske skriuwers yn it Stellingwarfs beskôge. Veenstra debutearre as streektaalskriuwer yn 1971 yn De Ljouwerter Krante. Under de namme Stiekelskies lies er foar foar Omrop Fryslân.



wer mei te swimmen en ek mei te boartsjen nei de Koaibosk. Mar doe wienen wy ûndertusken al wer in jier of achttjin, en hienen gjin each foar it wurk fan Goaitsen Burgy. Ik tink dat Gooitsen Burgy fyftich jier earder, as achttjin jierri-ge jonge, ek wol mei famkes yn de Koaibosk boarte hat, mar dêr hat er spiti-germôch neat fan op papier set.

Hindrik Liemburg.

Gau hinne en wer

‘Ik bin tsjin de deastraf hear!’, sei Pier

Fij minsken, dat rint fiersto fier

As immen al ris kwea dien hat,

Untnim him dan it libben net;

Sok dwaan dat heart by wylden thús,

Mar net by minsken lyk as ús,

Mar wylst dat Pier dy wurden sei,

Der dielt syn sweager Jan him mei:

Die jonge fan de bakkerinne

Dy kaam niis út jo tún fandinne.

Mei in poarsje woartels, wit hoe great,

Wol stom, sei Pier, no meitsje steat

As ik dy grutte stjonkert krij,

Dat ik him dan moai net mij!

Men moast sa’n loebes eigliks krije,

En dan him fuort de hals útsnije.

Ynstjoerd troch Metje Koopmans.

FERSLACH optreden fan Pro Rege op 11 april.

Toanielgroep Pro Rege Holwert brocht in hilarysk stik op it toaniel.

It wie efkes wennen: in kritejûn op freed. Mar dat behindere in soad fan ús leden net om te kommen. En dat wie wis net foar niks! Toanielgroep Pro Rege Holwert kaam foar de tredde kear nei Lelystêd, dizze kear mei de komeedzje ‘Ik bin alhiel fan jo, menhear Visser’. En in komeedzje wie it! Haadpersoanen wiene twa net mear pypjonge minsken sûnder ûnderfining op it gebiet fan relaasjes en leafde. Hy wennet noch by syn mem, oant har argewaasje, en is in fûleindich postsegelsamler. Sy bringt har dagen al breidzjend troch en wennet op de boppeferdjipping by har broer, dy’t advokaat is, en syn frou, dy’t haadredakteur is fan in rabbersblêd. Dizze twa binne fertwikkele yn in rjochtsaak, wêryn’t de advokaat in kliïnt fertsjintwurdiget dy beledige is troch in artikel yn it blêd fan syn frou. De ûnbedreaune ‘jonge’ minsken moetsje inoar by in jûn fan André Rieu. Sy stroffelt dêr oer syn skonk en moat nei it sikehûs, en hy giet mei út ferantwurdlikheidsgefoel. Mar dêr is de kym lein foar in fan wjerskan-ten ferealens, dy’t allinne muoisum de kâns kriget om op te bloeien. Dan kri-ge hy, mynhear Guus Visser, berjocht fan in notaris dat hy fan in him ûnbe-kend immen in gebou erfd hat. Dat prikelet syn nijsgjirrigens en hy giet der hinne. Mar it adres is de broer fan syn ferloofde net ûnbekend en dy giet der ek hinne, lykas de mem fan mynhear Visser dy’t der út nijsgjirrigens in kykje nimmen giet. Yn it gebou blike twa hoerkes te wenjen mei harren poaier. Mynhear Visser, dy’t der as earste wie, begrypt dat totaal net en him wurdt wiis makke dat de froulju handwurk learaessen binne, wat er daliks leaut. Mar syn mem en oanstearde sweager witte wol better. Ta beslút komt alles goed trochdat de advokaat derefter komt, dat der sprake is fan in fersin om’t it gebou neilitten is oan in oare mynhear Visser, gjin Guus mar Gys!. En dan is de wei frij foar de twa beminden, dy’t in soad fergees besocht ha, der einlings yn slagje om inoar wier te tútsjen.

Wy hawwe as publyk bot meilibbe, en dat ek dúdlik hearber blike litten. By einsluten hawwe dus in tige slagge jûn hân.

Op side 6 steane der in oantal foto’s fan dit optreden.

Yvonne Nederpel.



en koest efkes stilstean by de skjintme fan it momint. Mar nei hast tritich jier is it tiid om ôfskied te nimmen. De toer wie net langer feilich. De keurings toanden hieltyd faker gebrekken en de reparaasjes waarden hieltyd priziger. Ofrûne krysttiid waard de situaasje ûnhâldber: gatten yn de boppeste flier, in ôfbrutsen planke. Yn oerlis mei de gemeente en Steatsboskbehear is besletten de toer te slopen. En dat is no bard.

De Koaibosk.

By it ferhúzjen sa'n tweintich jier lyn, fûn ik wer it jongesboekje fan Gooitsen Burgy, "Yn en om de Koaibosk". Ik wist fan it bestean, mar om't ik gjin lêzer bin hie ik der doedestiids gjin oandacht oan skonken. It is doe ek wer yn in doaze kaam en wer opromme. Koartlyn krige ik it wer troch de hannen en ha ik it wat better bestudearre en doe ûntduts ik ek dat it oer de omjouwing gie dêr't ik berne bin. Ik ha it lêzen en ik moat sizze dat it in grutte yndruk op my makke hat. Sels sa bot dat Goaitsen Burgy ien fan myn favorite skriuwers wurden is. It boekje giet oer it doarp Stompetoer. As foarbyld hat Goaitsen syn bertedoarp Terwispel brûkt. As jo it lêze, en bekend binne yn die omjouwing, dan kinne jo it hielendal neigean wêr't him ôfspilet. It ferhaal giet oer trije jonges, letter fjouwer, dy ferskate fratsen úthelje en faak binne hja oan it boartsjen yn de Koaibosk. De Koaibosk lei skean neist de pleats dêr't ik berne bin, en ek wy wienen faak yn de Koaibosk oan it boartsjen. Fan de Griene Dyk ôf moasten jo troch in stikje lân en dan troch in gammel hikje en dan wienen jo yn it boskje. Foarhinne sil it wol in einekoai west hawwe, mar ik kin nearne yn de histoarje werom fine dat it sa wie. Neffens Goaitsen sieten de kontoeren fan de einekoai der noch yn. Ik kin my net oars heuge dan dat der in sleatsje yn 'e midden siet. Mar Goaitsen Burgy hat der as jonge tink ik in soad boarte en it goed yn him opnommen, want it boekje hat hy skreaun doe't hy al mear as tritich jier út Terwispel wei wie. Yn it boekje wurdt ek praat oer it swimmen yn de Krûnten. Dat sil hy yn begjin foarige iuw dien ha. Yn de sechstiger jierren swommen wy noch altyd yn de Krûnten. Wy ha dêr it swimmen leard. Gienen wy earst mei jonges en famkes te swimmen, letter mochten de famkes net mear mei. Dêr snapte ik doedestiids neat fan, oant men my fertelde dat de bern net mei de earrebarre kamen. Letter gongen de famkes wol

wurde. Der stiet in útsichttoer. Op dizze toer meitsje ik foto's. Wat in natuer hat men hjir. It marke deun by de toer is de Grinspoulle. Dat is in natuerlik



wetter. Hiel bysûnder dit wetter en ek de fegetaasje derom hinne. Sa kom ik oer de moaiste paden wer wat mear yn de bewenne wrâld. By Zorgvlied kom ik út. Dêr makket de grins wer in bocht. De grinspeal dêrby haw ik op de foto set. Yn

Zorgvlied kom ik no foar it earst yn myn libben. De skiednis fan it doarp is nijs-gjirrich. Dy hat te meitsjen mei de koloanjes fan de Maatschappij fan Welda-dichhyt. Yn dit doarp die men doe oan lânbou kundich ûndersyk. Ik reitsje hjir de wei in bytsje kwyd. Bytsje dwaalt, en in mannich campings sjoen. Dan sjoch ik wer in grinspeal. No is it net fier mear nei de bushalte. Dy is by de âde fer-litten molkfabryk fan Elsloo. It rinnen gie, mar ik hie wol lêst fan myn skonken. De kommende tiid moat ik mar wat rêstich oan dwaan mei dizze kuier lâns de grins. De thúsreis wie omslachtich. Mar it wie lykwols wer in hiel moaie kuier.



Eabele hat fanôf de toer foto's makke, mar de toer is fourthelle. Ofskied fan in ikoan: de útkyktoer op it Aekingerzand. Sûnt 1995 stie er dêr, in markant bea-ken yn it lânskip, boud troch learlingen fan Bysûn-der Jeugdwerk Aekinga.

Witfoefolle kuierders, fytters, natuerleafhawwers en fotografen beklommen him om harren efkes te fielen mei it wide lânskip fan it Drents-Friese Wold. Hjir fieldest de grutsheid fan de natuer, seachst de wikseling fan de seizoenen

LANS DE GRINS KUIERJE troch Eabele van der Veen

De kuier fan 8 juli 2025 fan Damslûs nei Elsloo

Al betiid wekker om bûten de spits reizgje te kinnen. Foar healwei sân en yn-checke foar it spoar nei Assen ta. Om healwei achten stie ik al by de grinspeal by de slûs yn Damslûs. De bushalte is op de grins fan Fryslan en Drinte. De grins leit yn in rjochte line nei it suden ta. Der is gjin paad njonken. It is wat sykjen wer't ik lâns kin. Earst is der in reed en it like dat dy 500 meter fierder op in ferhurde dyk út kaam. Mar dit paad rûn dochs dea tsjin in hiem oan. Bytsje lestich. Dochts mar omrinne oer de ikker en oer in sleatsje springe en dan lâns dit wetterke nei de Leemdyk ta rinne. Dat slagge dus, mar it gie al oars dan ik it yn 't sin hie. De omjouwing hjir is lytsskalich. De huzen steane oan de Fryske kant fan de grins ferspraat yn it fjild. It binne faaks lytse buorkerijen en arbeidershúskes mei in kampke lân der om hinne. Der steane hjir twa grinspeallen. Ek is der in camping mei de namme Heksenhoeve. Der is der sels in museum, it Heksenmuseum, yn'rjochte. Ik sjoch gjin minsken. Ik moat de Leemdijk folgje yn de rjochting Smilde oant de Veldhuizenweg ta.



No is it fjild wer tige iepen. Allegear ikkers boulân. Op de Veldhuizenweg sjoch ik dan lofts it doarp Smilde en rjochts fier fuort de bosken by Apelskea lizzen. Ik kom nei in pear kilometer oan by in lyts boskje, in heidefjildsje en in pear wenten. Samar earne yn it fjild. De Wolvenberg hjit it der. Wie hjir eartiids in ferheging wer't gjin fean wie? Fanút de bus seach ik yn Hijkersmilde de namme Wolvenberg op in etalaasjerút. Wol tafallich fyn ik. Dy namme is no wer aktueel wurden no't hjir tsjintwurdich wer opnij wolven tahâlde. It is moai waar en it kuierjen giet goed. Ik haw gjin lêst fan myn iene skonke. Alles bloeit no en de kleuren binne prachtich. In grut ierappelfjild stiet yn de bloei en de

kleur pears kombinearret prachtich mei it goudgiel fan in neistlizzende ikker mei nôd. Docht my tinken oan de kleuren dy't Vincent van Gogh graach skilde-



re. Ik kom oan by de drokke provinsjale dyk en ferlit dan it boerelân. Troch in tunnel kom ik oan de oare kant fan de autodyk. It Drints Fryske Wâld begjint hjir. It bosk wer't ik earst yn kuere

is einliks in park mei fakânsjewenten. Veldhuizen hjit it hjir. Op'e ein fan de Veldhuizenweg moat ik nei rjochts lâns de Bosweg, in behoarlik drok dykje. Ik moat faak oan de kant foar in auto. Nei in heal oere rinnen hâldt it bosk op en bin ik ek wer by de grins. Der stiet in wenning mei de namme 'De Friese grens'. Foar my leit no de grutte iepen romte fan de Oude Willem. Dit iepen fjild wie fan âlds boerelân. Minsken út de omlizzende doarpen hawwe hjir it fean ûntgûn en it lân oanmakke. Sûnt 2010 is it foar in grut part wer natoer wurden. De sleatten binne der tichtskoot en it wetterpeil is danich omheech brocht. Der is in sompich miljeu ûntstien mei in rûge begroeiing. It fjild is no giel fan it Jakobskrûd. Efkes foarby de grins kin ik de Bosweg ferlitte en kin ik mei de

grins mei yn de rjochting fân Wateren rinne. Oer in dykje mei de namme 'Oude Willem'. Nei twa kilometer bûcht de grins yn in heakse hoeke ôf nei it westen ta. Der is gjin paad lâns. De grins-



peallen dêr ha ik net sjoen. Miskien binne dy troch de wurksumheden wol op ien of oare wize fuortrekke. Ik moat oan it ein fan dizze wei ta rinne. En dan oer in dykje op nei Wateren. Dan nei in kilometer rjochts ôf en lâns in fytspaad wer op de grins oan. Dat wie dochs 5 kilometer omrinnen. Mar der wie in soad te sjen. It falt my hjir ek op dat yn oarlochstiid it ferset tsjin de Dútsers hjir hiel aktyf west hat. Op ferskillende plakken wurdt der hjir oan heuge. Ik kom lâns in ûnderdûkershoal. De Prins Bernhard Kazerne neamde men dy.

Prins Bernhard Kazerne - Schuilplaats voor de Knokploeg Noord-Drenthe

Na een succesvol uitgevoerde overval op de gevangenis in Assen door de Knokploeg Noord-Drenthe, waarbij vele gevangenen uit Duitse handen werden bevrijd, waren de bezetters furieus op zoek naar de daders. Het was moeilijk om verantwoord veilige onderduikadressen te vinden, omdat bij ontdekking de verleners van hulp aan verzetsmensen werden gefusilleerd. Bovendien wilden de leden oefenen om de naderende bevrijders hulp te kunnen bieden. Het verzamelen van de mannen was vanwege het reizen ook een risico. Daarom besloot men een groot onderduikonderkomen te bouwen in het bos. In overleg met boswachter Aldert Schol werd een geschikte plaats gevonden aan de rand van het heideveld De Stoevert.

Op 18 maart 1945 wordt het boshut 'Prins Bernhard Kazerne' gedoopt en in gebruik genomen.

Bij acties komen er soms vijftien tot twintig man bij de boshut, maar die kunnen er niet allemaal slapen. Ze hebben al snel contact met bewoners van de nabijgelegen boerderij 'De Uilenhorst' in Oude Willem. Daar herbergt de familie Van der Feer al meer onderduikers. Bij ruimtegebrek in de boshut kunnen ze hier terecht.

Instructeur Wim van der Veer, die gedropt was vanuit Engeland, maakte de jongens vertrouwd met de nieuwste wapens. Toen in de nacht van 7 op 8 april 1945 Franse parachutisten in de nabijheid landden, kwam het bijna tot een treffen met de verzetsgroep. Op het laatste moment beseften men dat het geen vijanden waren, maar bevrijders. De para's trokken met de verzetsmensen op, omdat zij veel plaatselijke kennis hadden van het gebied. En zo kon het geoefende in de praktijk worden gebracht.

Bron : Historische Vereniging Appelscha e.o. Historische Vereniging Gemeente Diever

Ik sjoch wer in grinspeal. Dêr kin ik de grins wer folge lâns in fytspaad troch in ôfgelegen grut bosk. Ik tink in bytsje oan de wolven dy't hjir tahâlde. Ik let op fuotprinten fan it bist, mar ik haw neat sjoen. Sommige minsken doarre net mear te kuierjen yn dit gebiet ha ik heard. It paad komt oer it Aekinger sân. In bekend plakje yn Fryslân. In sân ferstowing. Men hat war dien om dizze sânferstowing grutter to meitsjen. Dêrfoar moasten in soad beammen kappe